

Struktuer rapport Learstoel Frysk (1.0 fte heechlearaar)

De profylkommisje foar de learstoel Frysk, ynsteld troch it Fakulteitsbestjoer Letteren, bestiet út de folgjende leden:

Prof. dr. Thony Visser (foarsitter)	- dekaan Fakulteit fan de Letteren
Prof. dr. Wander Lowie	- foarsitter ûnderwiiskluster
Prof. dr. Gertjan van Noord	- direkteur ûndersyksynstitút CLCG
Dr. Joana Duarte (RUG/NHL Stenden)	- fertsjintwurdiger belutsen oplieding
Prof. dr. Arjen Versloot (UvA)	- heechlearaar susterfakulteit
Dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm	- direkteur-bestjoerder Fryske Akademy
Drs. Rixt Zeelenberg	- direkteur ûnderwiisynstitút
Drs. Marit van Mil	- sr. HR-adviseur

Beskriuwing fan it fakgebiet

Frisistyk is de wittenskiplike stúdzje fan de Fryske taal en kultuer. Neist taalkundige stúdzje fan de twadde Rykstaal fan Nederlân, omfettet it de stúdzje fan it Frysk yn de oare Fryske gebieten (Dútslân), Frysk as laboratoarium fan meartaligens, kultuerskiednis en literatuer en it Âld- en ier-Modern-frysk. Der is omtinken foar taalsosjologyske fraachstikken, leksikografy en kânsen foar digitale taalynfrastruktueren.

Spesjalistyske kennis fan it Frysk stiet sintraal. Út dy kennis wei wurdt ûndersyk pleatst yn in ynternasjonaal en teoretysk ramt. De wikselwurking dy't sa ûntstiet soarget derfoar dat de Frisistyk him yn tanimmende mjitte manifestearret as in multydisziplinêr fakgebiet. De Frisistyk kin sa in regionaal perspektyf op gruttere fragen biede. Yn komparatyf taalsosjologysk ûndersyk wurdt it Frysk neist oare minderheidstalen set, dy't allyksa yn it Europeesk hânfêst erkend binne. Dat biedt nije perspectiven en slút oan by in oanwinnend omtinken foar regionale talen. Mei it each op de posysje fan it Frysk as twadde offisjele taal fan Fryslân, is omtinken foar de mjitte fan Frysk analfabetisme, fan literatuer oant smartphonegebrûk, in wichtich oandachtsgebiet.

Posysje fan de learstoel binnen en bûten de fakulteit

Universitêr omtinken foar de Frisistyk is der op dit stuit oan de universiteiten fan Amsterdam, Utrecht en Grins. Yn Amsterdam en Utrecht binne de learopdrachten by de oanbelangjende learstuollen breder definiearre (UvA: Germaanske taalkunde, yn it bysûnder de Dútske, Skandinavyske en Fryske talen; UU: Sosjoglinguistyk, mei bysûnder omtinken foar de taalsituaasje yn Fryslân). Oan de Universiteit Leiden bestie der tradisjoneel in bysûndere learstoel dy't him rjochte op skiednis of âldere filology. Mei de pensjonearring fan de lêste besetter is der lykwols (noch) net wer in nije learstoel op dat mêd ynsteld. It profyl fan de learstoel oan de Universiteit Grins is yn dit lânskip sintraal mei in unike learopdracht foar de Fryske taal en kultuer.

Mei it each op de komplemintariteit fan ekspertizes en it strategysk belang fan gearwurking op it mêd fan de Frisistyk en besibbe mêden, hat it de foarkar en rjochtsje de learstoel yn nau kontakt mei neamde universiteiten, mei de Fryske Akademy en mei NHL Stenden (fanwege it lektoraat meartaligens) yn.

Der bestiet in oerienkomst tusken de Provinsje Fryslân en de Ryksuniversiteit Grins oer it subsidiearjen fan ûndersyks- en ympaktprojekten. Fan de learstoelhâlder wurde goede kontakten verwachte mei de Provinsje Fryslân/de Nederlânske oerheid as wichtige belanghawwenden.

Taken fan de heechlearaar

Ûndersyk

It ûndersyk fan de learstoel wurdt ûnderbrocht yn it ûndersyksynstitút CLCG of it ICOG en hat plak yn gearwurking mei de Fryske Akademy. De nije heechlearaar is ferantwurdlik foar it fêststellen fan de ûndersyksagenda fan de learstoelgroep en hat ûnderfining mei in breed skala oan ûndersyksmetoaden mei oansluting op de resinte ûntjouwingen yn it fakgebiet.

Ûnderwiis

De heechlearaar fersoarget ûnderwiis op ferskate nivo's binnen fakgebieten dy't relatearre binne oan de Fryske taal en kultuer, likegoed yn de bachelor as yn master. Mooglike ynset foar ûnderwiis is bygelyks yn de BA-oplieding Minorities and Multilingualism, mar ek yn in eventueel nij te ûntwikkeljen ynterdissiplinêre mastertrack Frisistyk. De nije heechlearaar spilet dêrby in wichtige rol yn it posjonearjen fan it Frysk yn it wittenskiplik ûnderwiis (ynklusyf ûnderwiis foar professionals). It ûnderwiiskluster stribbet nei in brede ynsetberens fan meiwurkers, dêr't ûndersyk in wichtige rol by spilet yn it akademyske ûnderwiis. It ûnderwiis op alle nivo's wurdt karakterisearre troch effektive en aktivearjende ûnderwiisfoarmen

De taken fan de heechlearaar bestean út ûnderwiis, ûndersyk en bestjoer. Ûnderwiis en bestjoerlike taken meitsje foar 60% diel út fan de oanstelling, en ûndersyk en aktiviteiten dy't it ûndersyk sichtber meitsje foar de bûtenwrâld beslaan 40% fan de oanstelling.

Liederskip

De heechlearaar jout lieding oan in learstoelgroep fan 7-8 dosinten en ûndersikers. It giet dêrby ûnder oaren om it begelieden fan ûndersyksoanfragen, promoasjebegelieding en karriêreûntwikkeling. De heechlearaar is ree om bestjoerlike taken te ferrjochtsjen op it nivo fan it kluster, de oplieding en op it nivo fan de Fakulteit fan de Letteren. Fan de heechlearaar wurdt ek in wichtige pro-aktive rol ferwachte by nije ûntjouwingen, lykas bygelyks de nije "Schools" dy't no troch de universiteit opset wurde foar it stimulearjen fan ynterdissiplinêr ûndersyk en ûnderwiis [link], benammen de Jantina Tammes School, dy't him rjochtet op digitale ynnovaasje, IA en technologyske foarútgong, of de Agricola School for Sustainable Development.

Profyl fan de oan te lûken heechlearaar (beneamingseasken)

De learstoel Fryske taal en kultuer beweecht him yn in brede maatskiplike kontekst, dy't karakterisearre wurdt troch in kompleks talich en kultureel ekosysteem, wêryn't flugge technologyske en sosjolingwïstyske ûntjouwingen de Fryske taal en kultuer mear as ea beynfloedzje. De learstoelhâlder wurdt achte om in lykwicht fine te kinnen tusken oan 'e iene kant filologysk ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal en kultuer, likegoed diagroanysk en syngroanysk, en oan 'e oare kant ûndersyk dat yn kaart bringt hoe't it Frysk him ferhâldt ta de oanwinnende maatskiplike meartaligens. Dy tematyk ûnderstelt neist de filology ek in fokus op ûndersyk nei taalgebrûk, taalattitudes, taalwinning, literatuer en oare kulturele manifestaasjes, en ek ûndersyk dat rjochte is op tema's as identiteit, partisipaasje, boargerskip en digitalisearring. De learstoelhâlder keppelet disiplinêre betûftens op ien fan de tal fan dielgebieten fan de Frisistyk oan it oersjoch oer de breedte derfan, binnen en bûten de Ryksuniversiteit Grins.

De kandidaat:

- Hat in sterk nasjonaal en ynternasjonale profyl, en is promovearre op ien fan de dielgebieten fan de Frisistyk;
- Hat in eksellente ûndersyksreputaasje, dy't bliken docht út publikaasjes dy't relevant binne foar it profyl fan de learstoel;
- Hat ûnderfining mei it súksesfol oanfreegjen fan ûndersyksfinansiering by nasjonale en/of ynternasjonale subsydzjejouwers;
- Hat binnen it ramtwurk fan de Frisistyk lykas hjirboppe omskreaun in eigen ûndersyksline ûntwikkele;
- Hat treflike didaktyske feardichheden, in ynnovative fyzje op (ynter- en multydisziplinêr) ûnderwiis en ûnderfining mei it jaan fan ûnderwiis en bestjoerlike taken yn BA- en MA-programma's;
- Hat ûnderfining mei it suksesfol begelieden fan promovendy;
- Draacht by oan en liedt it ûntwikkeljen fan ûnderwiiskurrikula op it mêd fan de Frisistyk (ynklusyf ûnderwiis foar professionals) lykas ek fan oare relevante programma's binnen de Ryksuniversiteit Grins;
- Hat goede kontakten mei de Provinsje Fryslân/de Nederlânske oerheid as wichtige belanghawwenden;
- Hat likegoed ynternasjonale as nasjonale in relevant strategysk netwurk;
- Hat in sterke fyzje op en oantoanbere ûnderfining mei it kreëarjen fan maatskiplike ympakt, inisjearret en nimt diel oan aktiviteiten dy't ta doel hawwe om mei maatskiplike partners gear te wurkjen en akademyske kennis ûnder in breder publyk bekend te meitsjen;
- Hat goede kommunikative feardichheden en is as teamspiler rjochte op resultaat;
- Beskikt oantoanber oer treflike liederskipseardichheden en organisatoaryske kompetinsjes;
- Hat de kapasiteit en ûnderfining om te operearjen yn in polityk gefoelige omjouwing;
- Praat floeiend Frysk en Nederlânsk of Ingelsk (C1 nivo fan CEFR).